
‘De Emigrant’ sit Freark Smink yn ’e genen

Resinsje
Gurbe Dijkstra

Yn dizze tiid fan besunigings op kultuer komme der hieltyd nije inisjativen op it mêd fan toaniel. Jan Arendz en Marijke Geertsma krigen dien by Tryater en sette no tegearre troch as J&M-teaterwurk. Teatertechnikus David Lelieveld, foarhinne ek by Tryater oan it wurk, rjochte, tegearre mei akteur Theo Smedes, Stichting Pier21 op en frege Romke Toering, ek oait akteur by Tryater, oft dy in toanieltekst skriuwe woe oer emigraasje. Dat naam Toering oan en sneon wie de premjêre fan *De Emigrant* yn teater De Koornbeurs yn Frjentsjer. Toering die ek de rezjy.

Emigrearjen is fan alle tiden mar foaral yn de sechtiger en santiger jierren fan de foarige ieu ferhuzen in bulte Friezen nei oare lannen. Amearika en Kanada wiene favoryt. Sa ek Sybolt de Haas (spile troch Freark Smink). Sybolt is tweintich at er sûnder dat syn mem it wit, ôfset nei Kanada. Thús op de pleats is der gjin plak, der binne twa jonges yn ’e húshâlding en de âldste nimt

hast automatysk it plak fan heit yn. Yn Kanada krijt Sybolt earst wurk yn ’e tabak en fertsjinnet sa wat jild. Mar nei in jier hat er syn nocht en begjint er in hinnebuorkerij. Aaien, aaien en nochris aaien. Hy fertsjinnet goed. Genôch jild om in eigen buorkerij op te setten.

At er 72 is, giet er foar sa’n fjouwer moanne werom nei Fryslân. Syn soan sil dat skoft op de pleats en de kij passe. Syn frou, dy’t dan al net mear libbet, hat him oantrune om dy reis te meitsjen. Sels hat hy der altyd bang foar west. Stel je foar dat er Fryslân sa moai fûn dat net wer werom woe nei Kanada, dan bist ek moai klear. En ek al hat er yn Kanada it gelok fûn, neffens him is dat gelok mei ûnwennigens betelle.

Werom yn Fryslân wit er net wat

him oerkomt. Alles foldocht likegoed en hy hat in moaie tiid. Oant er der achter komt dat der wat bard is doe’t er fuortgie, dat er noait witten hat, mar wat him no noch achterfolget.

Keukentafel

De Emigrant is in soarte fan fertellend (epysk) teater wurden. Freark Smink is sûnder mear in rasferteller en dat is mar goed ek. It is krekt as sitte jo by him oan ’e keukenstafel. Hy fertelt, jo harkje, laitsje en litte no en dan in trien. Hy krûpt yn ’e hûd fan de emigrant en hâldt it publyk hast twa en in heal oere oan de praat.

Theo Smedes spilet tuskentoch syn soan en noch wat oare lytse rollen. Romke Toering hat in soad wurden skreaun en foaral foar it skoft hie it wol wat minder kinnen. Nei it skoft komt der mear emoasje los en grypt it jo ek mear oan. Mar o wee o wee, at Pier21 Freark Smink net hân hie, hoe hie *De Emigrant* der dan útsjoen?

Freark Smink is sûnder mear in rasferteller en dat is mar goed ek

► Premjêre *De Emigrant* yn De Koornbeurs yn Frjentsjer, 300 minsken. Noch te sjen: in toer troch Fryslân. www.de-emigrant.nl